

Foar bêst op! Wat hat west, en wat stiet der noch op priemmen?

Septimber stiet al wer foar de doar. Guon hawwe mei fakânsje west en oaren stiene op de keatsfjilden earne yn Fryslân harren stjonkende bêst te dwaan.

Yn dit stik fan de keatsferiening in weromblik nei û.o. in tredde priis op de ôfdielingswedstriid foar pupillen en de Freule. Fierder de opmaat foar de frije federaasjepartij, de 'sachte bal' PC en de KNKB 1^e klasse manlju en froulju.

Sneon 29 augustus ferwachtsje wy dat wer in hiel soad jeugd út Fryslân nei Reduzum komt. De frije federaasjepartij is ien fan de lêste mominten foar de jeugd om noch in pryske te pakken. Goed 120 jonges en famkes dogge mei yn alderhande kategoryen. In soad aksje op en rûn de krite. As jo tiid hawwe kom seker efkes del!

Snein 30 augustus is de 'Trije Doarpen PC ABZ klasse sachte bal' in hiele mûle fol foar in moaie dei 'huffe tsjin de bal'. Mei in grutte bal hawwe jo wat mear tiid en kâns om de bal te reitsjen. Dat soarget foar leuk spul, sawol om te dwaan as nei te sjen.

En dan de twadde klapper fan it seizoen. Neist it NK skoaljonges meie wy ek dit jier wer in KNKB 1^e klassep partij foar manlju en froulju organisearje. En wol op snein 7 septimber.

Ek hjir komme altyd aardich wat keats(t)ers en taskôgers op ôf. De ôfrûne jierren stiene der sa'n 17 partoer op de list by de manlju en 9 partoer by de froulju. Der falt foar de keats(t)ers ek in boanus te fertsjinjen. Dat sil grif in ekstra motivaasje wêze om krekt noch efkes in stapke mear te setten.

Koartsein der barre leuke dingen op it keatsfjild de kommende tiid.

Sjoch ek op ús webside of yn de aginda fierderop yn de LP foar noch mear leuk partijen dizze moanne!! Teatse en muorrekeatse!

Op nei in moaie Freuledei

Underweis op it fytske út Reduzum waard it my al dúdlik. Der wiene in protte Redústers ûnderweis nei it fjild fan Wommels. Toeterjend en roppend en razend út ferskate auto's waard ik supportere omgas te hâlden. Ik wie dan ek 10 minuten letter fuort as soe, dus it gas moast der op om op tiid foar de earste omloop op it fjild te wêzen. Mei it swit op it gebit slagge dat al en seach ik dat der yndied al in moai keppel folk út Reduzum ús mannen nei de blommen supporterje woe. Tink wol dat ik 80 teld ha. Mar ek minsken op ôfstân koene de partijen folgje fia de support app, dy't geweldich byholden waard troch ús razende reporter Annie. Noch tank dêrfoar!



It lot hie net de maklikste rûte nei de finale bepaald! Fuort oan de bak tsjin Sint Anne. It waard gelyk in triller, de memmen seine my neitiids dat se 10 jier âlder wurden wiene neidat Lars, Jesse en Thijs mei 5-5 en 6-4 dochts oan it langste ein lutsen. De ferwachtingen wiene ek wol heger wurden doe't dizze mannen op de generale, snein foar de Freule yn Frjentsjer, in 3e priis pakten.



Op nei in moaie Freuledei (ferfolch)

Yn de twadde omloop wer in knap partoer om te ferslaan. Blije hie ek al wat pryskes pakt dit jier mei de ôfdielingspartijen. Fan it begjin ôf gong de wedstriid frijwol gelyk op, Reduzum earst wat foar, letter Blije dy't it foartou naam. By 5-4 en 6-6 stie Reduzum op de dea, mar mei knap spul pakt Reduzum dochs ek it 5e buordsje. Tige spannend allegearre. Op 5-5 en 6-4, ja wer deselde stân, pakten de mannen it lêste punt binnen. 128 appkes fan Annie dit potsje, prachtich 🍷. Op nei de tredde list.

Achlum de nije tsjinstanner, wûn dochs wol ferrassend yn de twadde omloop. De heit fan twa jonges fan Achlum fertelde my dat se hiel deeglik en goed spilen tsjin it favoritere Damwâld, dat op snein Reduzum noch bûten de finale yn Frjentsjer hold. No ja, der wie mei de earste buordsjes net folle fan te sjen. Reduzum stie yn in poep en skeet 4-0 foar. Wolris lekker nei twa drege potsjes. Reduzum geweldig, Achlum hie it efkes net: in pear bûten, in boskje boppeslaggen fan Jesse en in poerbêste opslach fan Lars. Mar geandewei draaide de partij. Achlum begûn better op te slaan, hieltyd stiif achtern. Us keatsen waarden lytser, dy fan Achlum krigen no wol fet op Lars syn opslach. Raar kin it gean yn de keatserij. Twa kear op 6-6 pakte Achlum it earst mei in knappe boppeslach op in kûgel fan Lars en in sitbal. Achlum hie it heft yn hannen, Reduzum koe net mear oanpikke en ferlear mei 5-4 en 6-4. Tige spitich, want by winst lei der al in priis te wachtsjen.

Stiens waard úteinlik de winner op in pracht Freuledei dêr't in protte partoeren by de kânshawwers hearden. Ik tink dat we as Reduzum grutsk wêze kinne op dizze trije jonges, se ha ús in prachtdai jûn. Tank mannen!

Jûns nei in pear bierkes by it Dielshûs, dochs mar wer op it fytske nei Reduzum. Ek no wer in pear supporters fan Reduzum dy't my op wei nei hûs toeterjend foarbygongen.

Machtich!

It wie in moaie Freuledei! Op nei takom jier soe ik sizze.

Willem F.



Kaphûs- en kompetysjekeatsen

It kompetysjekeatsen sit der alwer op foar dit jier. We ha prachtich moaie dagen hân, mar ek strieminne. It wie in jier mei in hiel soad bern op it fjild. De iene is better wurden mei de opslach en de oare mei it útslaan. Jim ha allegearre flink jim bêst dien! Oant takom jier! De komptysjeprizen bin sponsere troch Astrid Sportprijzen, foar de Kaphûskompetysje meie we Klaske betankje!



Jullie zijn
toppers!



Kompetysjekeatsen

Kabouters

- 1^e Fenna Bijker
- 2^e Jort van Balen
- 3^e Jetske de Jong
- 4^e Bregt Zijlstra
- 4^e Jitske Lageveen
- 4^e Dautsen Zijlstra

Welpen jonges

- 1^e Yesper Sikkas
- 2^e Redmer Brouwer
- 3^e Ids Elzinga
- 4^e Brend van der Meulen
- 5^e Manne van Dijk

Welpen famkes

- 1^e Janne Roorda
- 2^e Eke Bergsma
- 3^e Gerbrich van Dijk
- 4^e Fenna Geartsje Fennema
- 5^e Lysanne van Dijk

Pupillen famkes

- 1^e Femke de Vries
- 2^e Suze Hijlkema

Pupillen jonges

- 1^e Leo Koopmans
- 2^e Sybe Hof
- 3^e Jelle van Dijk
- 4^e Jelke van der Meulen
- 5^e Fedde Tabe Fennema

Dit jier is de Trochsettersbokaal
fertsjinne troch

Janne Roorda & Trynke Nijman



Kaphûskompetysje

Kabouters

- 1^e Bregt Zijlstra
- 2^e Jitske Lageveen
- 3^e Fenna Bijker

Welpen famkes

- 1^e Janne Roorda
- 2^e Ilva Smit
- 3^e Lysanne van Dijk
- 4^e Fenna Elzinga
- 5^e Maud Bergsma

Welpen jonges

- 1^e Yesper Sikkas
- 2^e Ids Elzinga
- 3^e Wisse Hijlkema
- 4^e Manne van Dijk
- 5^e Redmer Brouwer

Pupillen famkes

- 1^e Saar Korf
- 2^e Juanita vd Muijsenberg

Pupillen jonges

- 1^e Pieter Hijlkema
- 2^e Frâns de Boer
- 3^e Sybe Hof
- 4^e Leo Koopmans
- 5^e Jort Bergsma

Skoaljeugd

- 1^e Jesse Moos
- 2^e Sanne van Dijk
- 3^e Dautsen Postma
- 3^e Menne Wieling

Skoaljeugd

- 1^e Jesse Moos
- 2^e Daam Noordenbos
- 3^e Menne Wieling

NK keatsen pupillen jonges

Zaterdag 5 juli was het NK pupillen jongens in Dokkum. Wij, Djurre Visser, Bas van der Weij en Jelmer Roorda zijn het pupillen jongens partuur van KF Jan Reitsma Reduzum.

En toen stond het NK op het programma. We hadden er erg veel zijn in en het was ook wel een beetje spannend.

De 1^e omloop moesten we tegen Dronrijp. Dat was niet zo spannend, want die hebben we er met 5-0 en 6-0 afgeslagen. De 2^e omloop was wat moeilijker, we moesten tegen Franeker. Het begon heel goed, we stonden 3-0 voor, maar toen kwamen ze terug en werd het 4-3, maar uiteindelijk winst voor ons met 5-3 en 6-2. De 3^e omloop was weer wat makkelijker, we moesten tegen Witmarsum. Deze partij hebben we met 5-2 en 6-2 gewonnen. En toen de 4^e omloop (halve finale) tegen Hantum, dat was een behoorlijk moeilijke partij. We zijn er met 5-1 en 6-4 afgeslagen. Na drie partijen ging het wat minder goed met ons en Hantum was heel sterk. Al was het wel vier keer 6-6, maar ging de punten steeds naar de andere partij.



Maar we hebben toch een mooie 3^e prijs behaald op het NK! We hebben een hele mooie dag gehad en zijn erg blij en trots dat we zover gekomen zijn op het NK. De favorieten gingen er in de 2^e omloop al af. Hoe verder we kwamen hoe sterker de parturen werden. Het bleef goed gaan, we stonden lekker te kaatsen. Met goede tips van onze coach Melle Fopma en Mark van der Weij als assistent coach kwamen we steeds een omloop verder. Maar helaas was Hantum op dat moment een maatje te groot voor ons. Uiteindelijk ging de finale tussen Dokkum en Hantum. Dokkum heeft gewonnen, het was een spannende finale.

We kregen een hele mooie beker en medaille.

Fuotbal-keatsen, nij yn Reduzum!

Snein 13 july fûn de earste edysje fuotbal-keatsen plak, wêrby't we prachtich waar hiene. Mei 6 partoeren en allegear 5 kear yn it spier wie it in wiere kompetysje dêr't in soad tuskenspul oan te pas kaam. Flinke dûken op it hurde fjild leveren moaie mominten op. It is grif foar werhelling fetber, in prachtige dei en in gesellige neisit. Bedankt Transportbedrijf Bakker foar de stipe!

1^e Jesse van der Velde, Marco van der Leij, Hylke Fennema

2^e Fokke Bergsma, Mark Bloem, Frank Vermeulen

3^e Sjoerd Lantinga, Jelte Bokma, Marvin Slofstra

Aginda

Junioaren / senioaren

30-08	13.00 oere	KNKB Frije Federaasje
31-08	13.00 oere	Trije doarpen PC, ABZ klasse sachte bal
07-09	10.00 oere	KNKB 1 ^e klasse manlju en froulju
12-09	18.30 oere	Finale muorre- en kompetysjekeatsen
21-09	10.15 oere	Teatsen

De skema's fan it fjildlizen en de kantinetsjinsten binne te besjen op ús nije webside. De webside is noch net hielendal up-to-date, mar der binne we al drok mei dwaande.